

# Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 34




© Foto útjouwerij van der Meulen bv, Sneek

## Tsjaerddyk 34

Timmerman Johannes Paulus Spiering út Folsgeare bout om 1842 hinne in dûbele wenning nêst de winkel fan Sjerp Piersma (Tsjaerddyk 36). De wenningen binne net like grut, **wenning a)** is in **starterswenning** en **wenning b)** in **iengesinswenning**. De bleek, it stalt, de reinwetterbak, it sekreet en de jiskebak efter de wenningen binne foar mienskiplik gebrûk.

Folsgeare  
1842  
kadaster



# Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 34

---

As de bou yn 1842 klear is, melde Murk Lykles Postma, boere-arbeider, en Stijntje ten Kate harren foar de **iengesinswenning**. Op 12 maaie 1862 ferhúzje se nei Easthim.

Gerrit Willems Twijnstra en Anke Joukes Boschma wurden de nije bewenners. Nei it ferstjerren fan Anke Joukes yn 1869 nimt Afke Hoogma as ynwenjende tsjinstfaam de soarch foar de húshâlding oer. Yn 1870 ferhúzje se nei it nijboude hûs njonken de Tempel (Tsjaerddyk 47).

Theunis Smeding en Aaltje Couperus komme dêrnei yn'e wenning. Aaltje is de dochter fan Epeus Couperus, winkelman op Tsjaerddyk 38.

Zytse Asses Vierstra is de earste bewenner fan **de starterswenning**. Hy is frijfeint en wurket by de boer. Yn 1851 trout hy mei Johanna Haitsma. Yn 1857 ferhúzje Zytse en Johanna mei de bern nei Easthim.

De neikommende bewenners binne Pieter Gerrits Oppenhuizen en Trijntje Klazes Breeuwsma, dochter fan Klaas Feddes Breeuwsma, boer yn Folsgeare (no Wallemadyk). Hja binne yn 1857 troud en dit is harren earste wenning. Yn 1859 ferhúzje se nei Wolsum.

Wytse Jelles de Boer en Janke Bergsma komme no yn'e wenning. Op 16 maaie 1862 ferstjert Wytse Jelles, Janke kriget tsien dagen letter in dochterke. Janke ferhuzet mei har berntsje nei Easthim.

Dêrnei wennet Jouke Osinga foar de tiid fan in jier yn'e wenning.

Janke is yn 1864 op'en nij trouwd met Folkert Jonkmans en tegearre mei Folkert komt se werom nei de wenning oan'e Tsjaerddyk. Mei 3 bern ferhuzet it pear yn 1873 nei Harns.

Andries Smeding en Grietje van der Zee wenje nei harren houlik yn 1873 yn'e wenning. It pân wurdt yn 1875 troch Epeus Couperus te keap setten.

Andries Smeding wennet op dat stuit yn'e starterswenning, syn broer Theunis yn de iengesinswenning. It pân wurdt kocht troch Douwe Feenstra.


# Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 34

Douwe is keapman en troud mei Hyltje Ykema. Douwe makket fan'e starterswenning in winkel en hy lûkt mei syn frou yn'e iengesinswenning.

Efter de winkel lit hy yn 1876, tagelyk mei de bou fan Tsjaerddyk 32, noch in lytse wenning bouwe foar de ferhier. Saakjen Sikkes Goënga, dy't wurket as baakster, is de earste bewenster fan'e nijbou. Nei Saakjen komt widdofrou Riemke van der Goot út Loënga yn 1880 yn de wenning.

Folsgeare 1876  
Kadaster



## Winkelhuis c. a. te Folsgeare.

De Notaris W. A. PEEREBOOM te Bolsward zal Dingsdag 10 December 1878, n m. 4 uur, bij Oosterhout te Nieuwland, veilen:

Een nieuw vertimmerd, net en doelmatig ingerigt Winkel en Woonhuis met bijgebouwde Kamer c. a., zeer aangenaam en voor alle bedrijven geschikt, staande aan den Weg en de Vaart, op besten stand in de Buren te Folsgeare, eigen aan- en in gebruik bij Douwe Klazes Feenstra; te aanvaarden 12 Mei 1879.

De veiling geschiedt in 2 perceelen, bij bil-let omschreven.

Douwe en Hyltje ha twa bern as se yn Folsgeare komme te wenjen. Se krije noch twa soannen, dy't beide jong komme te ferstjerren. Douwe en Hyltje ha it dêrnei wol besjoen yn Folsgeare.

ôfb: LC 6 des. 1878

De winkel komt yn'e ferkeap en Pieter Joukes Boersma keapet yn 1879 de saak. Hy wurdt winkelman tegearre mei syn frou Fokeltje de Jong en harren trije bern. It foldocht harren lykwols net yn Folsgeare want de saak wurdt yn 1880 alwer te keap



# Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 34

setten. Der is net folle animo foar en de ferkeap giet net troch. Yn 1882 besiket Pieter Boersma it opnij mei itselde risseltaat. Nettsjinsteande dat, ferhúzje se nei Nijlân en sykje hierders foar de winkel en de wenning.

Jaring Zoethout is skilder yn Heech mar wennet sûnt koarte tiid yn Folsgeare fanwege syn leafde foar Joukje Sjerps Twijnstra. Hja trouwe yn 1883, hiere de wenning njonken de winkel en in wurkpleats yn in part fan'e timmerskuorre op Tsjaerddyk 44.

Al gau kin Jaring Zoethout it wurk net mear allinne ôf.

ôfb: LC 5 april 1884

**T**wee VERWERSKNECHTEN, goede werkers, worden gevraagd bij J. ZOETHOUT te Folsgeare.

Jan Sense Merema is boere-arbeider yn Easthim, mar kin it berop fanwege syn sûnens net folhâlde. Yn 1885 ferhúzet hy mei syn frou Idske nei Folsgeare dêr't se de winkel en de wenning der achter hiere. Tegearre begjinne se in saak yn'e ferkeap fan "Hoeden en Petten" mei alles wat dêrby heart. Idske docht de winkel en Jan is keapman. De sûnens fan Jan giet hieltyd fierder efterút. Syn skoansuster Geertje Bruinsma is naaister en komt yn 1886 om mei te helpen yn 'e saak. Jan moat yn augustus 1888 de saak oer dwaan oan Tjeerd Twijnstra. In moanne letter ferstjert Jan Sense Merema.

**D**oor deze bedankt Ondergeteekende de geachte Ingezeten en Omstreken van Folsgeare en Omstreken voor de gunst en 't vertrouwen, hem in den handel in Hoeden en Petten zoo mild bewezen, terwijl wij ons voor den handel in MODES blijven aanbevelen, en voor bovengenoemden handel u ten zeerste aanbevelen T. TWIJNSTRA.

Folsgeare, Aug. 1888.

JAN MEEREMA.

**N**aar aanleiding van bovenstaande advertentie neem ik de vrijheid de geachte Ingezeten en Omstreken bekend te maken, dat ik ben begonnen met den handel in HOEDEN en PETTEN, hopende door eene nette, vlugge en solide bediening 't vertrouwen, door mijn voorganger zoo ruim genoten, ook mij waardig te maken.

Folsgeare, Aug. 1888.

TJEERD TWIJNSTRA.

De oerdracht fan'e winkel yn'e Ljouwerter Krante

21 aug. 1888

# Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 34

---

Tjeerd Twijnstra hat de winkel fan Jan Sense Merema oernommen mar hy wennet noch by syn âlden Freerk Twijnstra en Femmigje de Boer op Tsjaerddyk 42, dêr't syn heit kûper is. Tjeerd wurket fuortoan net mear as kûpersfeint mar wurdt winkelman. Hy trout yn 1890 mei Aaltje Piersma. It pear set har nei harren houlik te wenjen op Tsjaerddyk 34.

De erven fan Pieter Joukes Boersma sette it pân yn 1895 wer te keap. Botje Meinderts Wijnia, de widdofrou fan Hessel Rintjes Boschma (Tsjaerddyk 31) keapet it en foeget it ta oan'e pân en oan'e Tsjaerddyk dy't al yn har besit binne.

Yn 1898 hat hy it hân mei de winkel en hy siket immen dy't de saak oernimme wol. Sjoen dat der gjin gadingmakers binne, wurdt der boelguod holden.

Nei alle gedachten kriget de foargevel nei it boelguod yn 1898 syn hjoeddeistige foarm. De roailine fan it âlde stik Tsjaerddyk wurdt oanhouden en de winkel komt nei foaren oan'e dyk.



foto:  
útjouwerij van  
der Meulen bv  
Snits

Folsgeare begjin 1900 mei froulju en bern foar de winkel fan Zoethout


Jaring Zoethout hiert no ek de winkel. Hy makket der in fervewinkel fan mei dêrneist in lyts oanbod fan winkelguod. Yn febrewaris 1900 ferstjert Joukje Sjerps en is Jaring widner.

# Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 34

In jier letter trout hy op'e nij mei syn skoansuster Nantje van Hasinge dy't widdofrou is fan Willem Sjerps Twijnstra.

Klaas Rusticus en Jeltje Luxwolde binne yn 1905 de lêste hierders fan'e wenning efter de winkel. Jaring makket fan dizze wenning no in ferveurkpleats. Jaring Zoethout hiert no it hiel pân.



Yn 1910 ferstjert Nantje op 49-jierrige leeftyd en is Jaring Zoethout opnij widner.

ôfb: LC 1 april 1910


Yn 1911 trout Jaring op'en nij mei Trijntje Feenstra dy't widdofrou is fan Murk Postma.

Botje Meinderts Wijnia ferstjert yn 1912 en de erven sette alle pânien yn it doarp te keap. Ek de fervesaak fan Jaring Zoethout komt yn de ferkeap en dizze wurdt oankocht troch Feike Nauta. Yn 1913 keapet Jaring it pân fan Feike Nauta.

Lykas sa folle wurklju harren hântekening efterlitte op in projekt, die Jaring Zoethout dit ek. By it opknappen fan'e buorkerij fan Jan Tinus Greydanus op Suderburen oan'e Easthimmerwei kaam bygeande tekst foar it ljocht.

Jaring Zoethout hat yn juny 1917 op 56-jierrige leeftyd hjir de saak skildere.

foto db Folsgeare





# Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 34

---

Yn 1926 ferkeapet Jaring Zoethout de skildersaak oan Jitze Zietsma. Jitze is troud mei Hinke van Slageren. Yn'e winkel wurde njonken ferve en fervedichheden ek noch klompen en learzen ferkocht. It is net in fetpot en yn'e oarlochsjierrren kriget hy it postagintskip der by.



foto útjouwerij  
v.d. Meulen by  
Snits

Jitze Zietsma foar syn hûs mei Bakker Beeksma en Pier Cnossen.

Jitze hâldt yn 1957 op mei de saak en hy ferhuzet mei syn húshâlding nei Snits.

Ate Speerstra fan de Speerstra pleats yn Tsjalhuzum komt yn Folsgeare op Tsjaerddyk 34 te wenjen. Yn 1964 wurdt hy boer op'e Speerstra pleats wêrnei't Feike Damstra yn de wenning lûkt.

Feike is de soan fan Hein Damstra fan Damstra transport op Tsjaerddyk 44. Hy is troud mei Pietertje de Groot. Nei it ferstjerren fan Feike Damstra yn 2001 ferhuzet soan Hein naar de wenning en hy wennet dêr mei syn frou Bernardina en de beide soannen op dit stuit noch altiten ( 2021)

# Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 34

---



foto Wytske Heida

## **Colofon**

*Tekst: Atse Bruin*

*Bewurking en oersetting: Wytske Heida*

*Foto's: útjouwerij van der Meulen bv Snits, Wytske Heida, db Folsgeare*

*Kaartsjes: Kadaster*

*Kranteartikels: Ljouwerter krante*

*Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.*